



## **WURKLIST FOAR DE LEDEGEARKOMSTE FAN IT SKRIUWERSBÛN OP 24 NOVIMBER 2022**

Tongersdei 24-11, 19.30 oere, Tresoar, Gysbert Japixc-seal

*Elkenien is wolkom – oanmelding yn it foar makket it foar ús y.f.m. de catering makliker (bestjoer@skriuwersboun.nl).*

Seal iepen 19.15 oere, kofje, tee

Gearkomste begjint 19.30 oere

1. Iepening, fêststellen wurklist
2. Ferslach ledegearkomste 21-4-2022 (taheakke)
3. Skiedende bestjoersleden
4. Weromblik skriuwerswykein 14, 15, 16 oktober op Allardseach
5. Bestjoersaktiviteiten ôfrûne healjier

Mei ledeberjochten en fia de reachside besykje wy jimme optimaal te ynformearjen. Wy stelle it op priis wannear't jimme foar de ledegearkomste wat strune oer dy reachside. Wannear't der fragen of opmerkingen binne n.o.f. de ynfo dy't wy ferspraat hawwe, dan beprate wy soks graach. As jimme kâns sjogge om fragen en/of opmerkingen alfêst fia [bestjoer@skriuwersboun.nl](mailto:bestjoer@skriuwersboun.nl) troch te jaan, stelle wy dat op priis.

6. Omfreegjen en sluting 'formele' part.

SKOFT, kofje, tee

**± 20.30: Fryslân kent noch ien folslein Frysktalich literêr blêd en in meartalich algemien kultureel blêd, mei omtinken foar de Fryske skriuwerij: Ensafh en De Moanne.**

Piter Boersma, haadredakteur en einredakteur fan Ensafh en Tialda Hoogeveen, einredakteur fan De Moanne, beide lid en hjoed teffens ús spesjale gasten. Sy sille op 'e tekst oer harren blêden. It giet dêrby om saken lykas:

- Wat wie de foarskiednis en wat is no de reden foar it bestean fan it blêd?
- Hat it blêd in eigen karakter en hoe is dat te sketsen?
- Hokker betsjutting hawwe hja/wolle hja graach hawwe foar de Fryske skriuwerij?

- Is it fuortbestean fan it blêd foar de kommende jierren fersekere?
- Wat soarte kopij soenen hja it leafst krije fan leden fan it Skriuwersbûn?
- Hokfoar easken stelle sy oan potinsjele kopij?
- Hoe giet de redaksje om mei skriuwers fan kopij dy't wegere wurdt?
- Hoe is de redaksje gearstald en hoe komt men yn de redaksje?
- Is it redaksjewurk leafdewurk of smyt it ek noch wat op?
- Wat binne de fergoedingen foar pleatste kopij?

Nei twa ynliedings fan sa'n 15 minuten is der alle romte foar petear, diskusje, suggestjes.

Om 21.30 wolle wy it plenêr diel slute; dêrnei is der in neisit mei wiet en droech.